



# **Blide bernkes, of: elk sjongt syn liet**

<https://hdl.handle.net/1874/233702>

# BLIDE BERNKES

OF

→ Elk sjongt syn liet. ←

STIKJES FEN

H. van WARNERS, C. WIELSMA, J. HORNSTRA en E. ZWART,

SKOALLEMASTERS TO

Arum, Grouw, Friens en Wartena.



UTJOWN TROCH  
R. VAN DER VELDE,  
TO LJOUWERT.  
1898.



160. 7. 6 <sup>12</sup>/<sub>2</sub>

# Blide Bernkes

OF

Elk sjongt syn liet.

---

STIKJES FEN

H. van WARNERS, C. WIELSMA, J. HORNSTRA en E. ZWART,

SKOALLEMASTERS

TO

ARUM, GROUW, FRIENS EN WARTENA.

---

UTJOWN TROCH  
R. VAN DER VELDE,  
TO LJOUWERT.  
1898.





### *Nommele Friezen!*

„As de earste bonte flinters flodderje fen blom op blom, en de earste ljurken sjonge, wirdt it bernehert sa rom.” Sa gyng it al fier foar 'e tiid, dat dokter Eeltsje as lytse boi sa graech op 'e Grouster terp boartte. „As de lytse foarjiersblomkes wrotte troch it griene krûd, rôlje, trûzl'je hja sa jolich, hoallefoalje hja sa lûd.” Dan ha de bern wille. It bliuwt mar wier: in bern hat in sin as in bern, it praet as in bern, it docht as in bern. Mei syn berneaerd, syn bernetinzen fielt it him thús yn 'e bernewrâld. Ja, in folwoechsen minske en in bern binne twa. Dat moat elts yn 'e kikert hâlde, dy mei bern to dwaen hat. Dêr moat ek elts om tinke, dy hwet skriuwt, printet, útjout for de bern.

Der wirdt bygelyks wol eris klage, dat de fryske bern sa'n bytsje piele mei it lêzen fen stikjes, dy yn ús memmetael skreaun binne.

Mar meije wy de bern dat wite? Hwet moatte de bern dan lêze? Wy witte wol, der binne forskate stikjes by enoar to swyljen, dy de bern bigripe kinne en dy teffens yn hjar smaek falle. Sa koe min grif in kreas boekje for de jonge Friezen gearstâlde. Ja, dat koe. Mar oan dizze tiid ta is der net folle wirk fen makke.

Derom binne wy sa driest wêst, om in mannich stikjes for it jongfolts by enoar to kwatteljen. As ús wirk nou mar net al to min bislein is. Hwent siker, 't is lang net maklik om yn in berneboekje it rjuchte snaerke to treffen. Folle gauwer koe min hwet ré meitsje for ljue, dy wol út 'e berneskoe stapt binne, mar dy faek yet tige bernaftich, ja, licht yn hjar bernskens lykje.

Wy hadde ús bêst dien, om de bern op to siikjen yn 'e bernewrâld, yn it bernelibben. As we nou mar soune bernekost opdisse, dan scille de jonges en famkes wol yn 'e smaek reitsje.

Dan komme hja wol op 'e gleed mei 't lêzen fen hjar eigen tael. En as se dan greater, mar net to great, wizer, mar net to wiis wurde, scille se mei de tiid wol

oanfalle op pittiger, dreger kost, as itjinge wy hjir oanbiede. Dêr moat it hinne.

Hjir en dêr binne sangwizen by ús stikjes oanjown. Ja, wy binne dêr sels wol in dripke to rynsk mei wêst. Wy wolle jerne tastimme, dat it iene stikje him better for sang lient as 't oare. Sa wie de skriuwer ek net fen doel, om mei „It Klompskip” in sankje to bringen. Dy it lapt het, om er in wize yn to stopjen, moat mar witte, hwet er die.

Non, bern, wy hoopje tige, dat jimme ús boekje wol lije meije. 't Is in bytsje opkrease mei priuwkes fen fjouwer âlde stanfriezen, oan hwa ús Fryske tael o sa folle to tankjen het.

Ien fen hjarren hat sein: „Dy net fen it lân haldt, dêr er widze is, dy binne de beanne út it wetter to goed.”

Fryske bern, ûnthald dizze wurden. Hâld jimmer hert for 't heitelân en for de memmetael. Jimme binne yet net folwoechsen.

Mar as jimme letter de hichte ha, dog dan gjin war, om greater to lykjen, as jimme binne.

Groei op ta drege Friezen, „ienfâldich, sonder wyn en blast, — rjuchtút en plat.”

DE SKRIUWERS.

## I. Ut de „Blide Bernkes”

fen E. HALBERTSMA.

WIZE: *It fanke en hjar blommen.*

*No. 14 fen „Doaitse mei de Noardske Balke.”*

Ploaits de blommen, dy dêr bloeije,  
Bernkes! ploaits de blommen yet,  
Sa! now laitsje, en sjonge en djoeije,  
Ear 't de gouden tiid forgiet.

Hark it sûzjen troch 'e stânnen  
Fen de seafte westewyn,  
Oer de griene Fryske lannen,  
Snuef hjar friske loftten yn.

Hark it ljeave ljurkje sjongen;  
Hark! dy sjongt wer ta Gods ear.  
Mear as tûzen falske tongen  
Klinkt dy lof for d' Opperhear.

Sjen it blinken fen it marke;  
Sjoch! de weachjes dounsje wei.  
Sjoch de swân, ho dat er farket;  
't Bolle wynke nimt him mei.

Yn de wite hagedoarne,  
Dy sa frisk to bloeijen stiet,  
Sjongt wer yn de iere moarne  
't Flugge finkje in aerdich liet.

Hark ris, ho dy ekster skattert  
Yn de hege eskenbeam;  
't Einke yn it wetter plattert  
Mei syn ljeave piketeam.

Sjen de hege wolken driuwen  
Yn forgonkelike pracht,

Sjen de sinne hearlik kliuwen,  
Greate boade fen Gods macht.

Hark it beuzich bijke brommen,  
Flinters dounsje yn pronkgewaed  
Oer de milljoenen blommen,  
Dy Gods hân oer 't ierdryk spraet.

. . . . .

Ploaits de blomkes, dy dêr bloeije,  
Bernkes, ploaits de blomkes yet,  
Ear 't de tsjerkhûfsblommen groeije,  
En dy gouden tiid forgiet.



## II. Simmermoarn

fen WALING DYKSTRA.

WIZE: *Sjuch No. 21 fen Doaitse.*

Hwet bist dou ljeafflik,  
 Riizjende simmermoarn!  
 't Opgeande sintsje  
 Laket my oan.  
 't Hoantsje kraeit kûkelû,  
 't Douke ropt roekoekoe.  
 Ik wol ek sjonge,  
 Fleurich fen toan.

Alles, hwet libbet,  
 Docht er nou sines by:  
 Fôltsjes en kealtsjes,  
 Hynsders en kij.  
 Goeskes dy snetterje,  
 Skiepkjes dy bletterje,  
 Lamkes dy springe,  
 Nuvere blij.

't Ljurkje yn 'e wolken,  
 Eintsjes yn 't lizich wiet,  
 Moskjes en swealtsjes  
 Elk sjongt syn liet.  
 Eabarren klapperje,  
 Ljeapkes wjukwapperje.  
 Skries op 'e hikke  
 Ropt grito griet.

'k Woe for gjin goune,  
 Dat 'k yet to sliepen laei.  
 't Is my sa nochlik  
 Ier op 'e dei.  
 Protters dy tsjotterje,  
 Eksters dy skatterje,  
 Alles is fleurich,  
 Ik bin it mei.

### III. Mem en de Famkes

fen H. VAN WARNERS.

WIZE: *De schoonste tijd des levens. Zangvoeltjes V. No. 7.*

Mem sjocht in kliber famkes,  
 Mei wille by de rûs,  
 Dy boartsje, soun en fleurich,  
 Tichtby en foar ús hûs.  
 Dêr hat dy keppel famkes  
 It drok mei tik en honk,  
 Hja skrepe sa fûleindich,  
 Net ien stiet dêr to pronk.

Mem tinkt: „Dat binne famkes  
 Licht fen sa'n jier of tsien.”  
 Hja seit: „Mei koarte jierren,  
 Dan is dat boartsjen dien.”  
 En derom moat sa'n famke  
 Nou tiid ta boartsjen ha.  
 Dat komt dy jonge blommen,  
 Dat komt sa'n bern wol ta.

Wylst mem sa stiet to mym'rjen  
 En nei dat boartsjen sjocht,  
 Seit mem: „dy bliide bernkes,  
 Hwet ha se dêr in nocht.  
 En by sa'n boartlik stikje,  
 Sjocht mem ynblier en bliid.  
 Hja tinkt, dat kin net misse,  
 Grif oan hjar bernetiid.

Wy famkes binne warber,  
 Wy skrepe mear as fûl;  
 Nou wirdt er lêstslach boarte  
 En dan wer pypkeskûl.  
 Dan giet it op in hinkjen,  
 Of 't hintsje wirdt bilein.  
 Dan bikk'je wy sa'n toarntsje,  
 Sa komt er hast gjin ein.

Is dan de greate govert  
 'Ris moai oan 't draeien bleaun,  
 Dan wirdt er fen de famkes  
 In lange keatting reaun.  
 Mem heart it âlde sangkje,  
 Sa fleurich en sa swiet:  
 De tried giet troch 'e nidle,  
 De nidle troch 'e tried.

Mem stiet sa stil en digert  
 Mar nei dy bernewrâld  
 En seit: „Koe 'k yet'ris meidwaen,  
 Mar 'k bin nou hwet to âld.”  
 Hja scoe sa for in hoartsje  
 Graech d' âlde tiid wer ha.  
 Dat liket ús, as famkes,  
 Dan jamk sa nuver ta.



## IV. Sinteklaes-sankje

fen C. WIELSMA.

WIZE: *Winteravond (Ernst en scherts fen G. J. Vos. No. 15.)*

*of: De molenaar sprak, En tuurde zoo strak.*

'k Wit ien dei yn 't jier,  
Dy wint it sa fier, —  
Alteast nei it sin fen de measte bern, —  
Fen Snein en fen Snjeun;  
Hwent dan komt in frjeon,  
Mei lekkers, hast mear as hy drage kin.

Hy reisget by nacht.  
Misskien dat de wacht  
Him faek, as wy sliepten, wol riden seach,  
Wol seach, ho'r to peart,  
Mei hirddraversfeart  
Fen skoarstien op skoarstien troch Fryslân teach.

Syn steek en syn tas,  
De bûs fen syn jas  
En dan yet in baelsek, dy'r by him het,  
Dêr is marsepyn  
En sûkergûd yn  
En boartersgûd, bern! dat begrypst' sa net.

Syn hynder yt hea  
Noch hjouwer, noch brea,  
Mar pipernûtsdaei en ek taei, as 't brekt.  
En sa wirdt it dier  
Dan danige tier.  
In lekkerbek is 't, op en út, dat sprekt.

Slacht Sintom dyn koer,  
In 't reisgjen sims oer,  
Tink dan mar for fêst, dat er 't ien of oar  
Yn skoalle is of thús,  
Net suver, net plús,  
Hwent leau my, de baes het in fyn gehoar.

De winsk, dat syn wei  
Oer 't hûs liede mei,  
Is idel for koppige loaije bern.  
Derom, doch dyn plicht  
Oars scoe min dy licht,  
As oaren blier laeitsje, sims skriemen sjen.



## V. Fekansjesang

fen H. VAN WARNERS.

---

WIZE: *Onze Duinen: Zangcoeltjes IV. No. 13.*

Jonges! 't is fekansje, Fjirtsien dagen frij!  
Is dat nou gjin klútsje Bûter yn 'e brij?  
Fjirtsien dagen boartsje, Tink ris, hwet in skoft!  
Frij, krekt as de fûgels Yn de frije loft.

Nou mar fleurich fiskje Yn 'e djippe feart,  
Fier en linich ljeppje Oer sa'n wide sleat,  
Drok oan 't hazzejeijen, Doarmje fier fen hûs.  
Dan wer skipkesile; Wille by de rûs.

Sjoch! yn sa'n fekansje, Frij fen skoallewîrk,  
Spring ik as de lamkes, Sjong ik tsjin de ljurk.  
Mar 'k ha twiskenbeiden Ek myn drokte wol.  
'k Hab in hopen tiden Fiks de hannen fol.

'k Ha sels, faek en folle Fry hwet tiid to min.  
'k Moat nou nedich timm'rje Komt my krekt yn 't sin.  
Al myn spillen freegje Hird om ûnderhâld,  
't Iene ding giet stikken, 't Oare wirdt al âld.

Earst myn mës hwet slyppe, Hwent dat is to stomp.  
Dan in sêskip bouwe Fen in greate klomp;  
Dan in doarke meitsje Foar 't keninehok;  
En dan krij'k ek drokte Mei myn angelstok.

Ja, sa'n fjirtsien dagen Liket gâns in hoart,  
Mar ik mei wol skreppe, 'k Sjit oars tiid to koart  
Fjirtsien lange dagen, 't Hiet nou wakker rom  
Mar, ear dat wy 't tinke Is de tiid al om.

'k Moat seit mem, net prottlje, Dat de tiid sa fljucht.  
Jout it boartsjen wille, 't Learen jout ek nocht.  
'k Scil ús mem mar leauwe, Hwent hja mient it goed,  
En, fensels, skielk lear ik Wer mei nije moed.

## VI. Ljepperssankje

fen C. WIELSMA.

WIZE: *Meiregen: Wil je niet liever naar binnen gaan.*

Makkers, it ljeaflike foarjier komt;  
 'k Fiel my sa fleurich en bliid.  
 Hastich de pols op it skouder nomd!  
 Nou is 't for ljeppen de tiid.

Jonges, do 't ik yet sa'n streupert wie,  
 Ha 'k oer in greppel it leard;  
 Do 'k er in bytsje de slach fen hie,  
 Ljept' ik al gau oer in sleat.

Hwa giet straks mei nei ús finne ta.  
 Tichte by 't hiem is in plak  
 Dêr kinn' we 'n kostlike tsjinne ha,  
 't Is dêr sa heech en sa flak.

Dy 't yn 'e búrren to pochen laei,  
 Foel faek yn 't lân troch 'e koer.  
 Siz nou, hwa docht my straks alles nei?  
 Hwa doar stilstantsjes er oer?

Ljeppen der wirde wy sterker fan,  
 En 't jout ús nocht by de rûs.  
 Fangt ien in snoek, dan bringt alleman  
 Him mei 'n hoeraetsje nei hûs.



## VII. In Snoek

fen E. ZWART.

WIZE: *Zie No. 17. (Harmoniumeriend. IV.)*

Hessel wol springe, mar hat it net leard,  
 Stiet mei de pols op 'e kânt fen 'e sleat.  
 Hessel, o Hessel, it jout dy fortriet.  
 Wist it net, heite, it wetter is wiet.

Hessel, wost ljeppje, nou ljepp dan ek ta.  
 Doarste net stimper, — in pop moatste ha.  
 Der kinst' mei boartsje, — in pols past dy neat.  
 „Fij, hwet in leffert!” sa ropt greate Tsjeard.

Soks hjir to hearen, falt Hessel sa swier.  
 „Och,” seit er brimstich, „och hea, mei plesier  
 Spring ik oer 't sleatsje, dat is my nou neat.  
 Mar dizze tsjinne, dy is my to great.”

„O,” andert Tsjeard wer, „kom hjir dan by mij,  
 Hjir ha 'k in tsjinne, dy past krekt for dij.”  
 Hessel, dy Tsjeard lûkt dy grif yn 'e hoed.  
 Koart binn' dyn skonkjes, — beried dy dochs goed.

Hessel springt ta, mar it komt al forkeard.  
 Draeit oer de wjuk en ploft del yn 'e sleat.  
 „O, hwet in snoek komt hjir by ús in 't slyk!”  
 Roppe de kikkerts en spylje de wyk.

Tsjeard, ja, dy doagneat, hat nou krekt syn sin.  
 Boarst út fen laeitsjen, sa lûd as er kin.  
 Lykwols, by al syn gelaeits en gegei  
 Lûkt er de snoek út it sleatsje wer wei.

Hessel, o Hessel, dêr stietst nou trochwiet,  
 Onder de modder. Och, hwet in fortriet.  
 Hessel syn maten dy driuwe him foart.  
 Lûd wirdt er songen, en mem . . . sjocht straks prôt.

# VIII. Reedriderssangkje

fen J. HORNSTRA.

WIZE: *Wie wil onder de soldaten?*

Jonges, to, mar hird nei d' iisbaen,  
 O, hwet hearlik waer is 't hjoed.  
 Nou op d' iiz'ren wjukken driuwe,  
 't Jowt ús nocht, it docht ús goed.  
 Kom, dêr binn' w' al op it iis;  
 Hwa sjocht nou yet kâld en griis?  
 Sa'n ien kinn' wy hjir net ha;  
 Dy moat nei de kachel ta.  
 Nimmen is hjir klomsk en kâld,  
 Dat heart thús by siik en âld.

Sjoch dy drege maet 'ris riden,  
 Dalik woe 'k in goune jaen,  
 As ik ek sa'n earste baes wier  
 Winters op 'e glêdde baen,  
 En hwa is dêr yn 'e skrep?  
 Hen! dy poarre rydt al tsjep;  
 Fij, dêr falt er, 't is in griis;  
 Sjoch 'ris oan: in stjer yn 't iis.  
 Lytse streupert fielt it wol,  
 Mar hy hâldt mei riden fol.

„Waerme mólke, lekk're koeke!”  
 Wirdt er roppen yn dy tint.  
 Krimmel! hwet in drokke nearing;  
 Elts forsnobbet grif in sint.  
 Louw moat nou syn sint ek ha  
 For de baen, — dy komt him ta.  
 „Is dyn ark rampoai,” seit Louw,  
 Siz it mar, dan ha 'k wol tou.”  
 Faek helpt hy ús út 'e need,  
 Kreas en kras wer op 'e gleed.

## IX. It Swealtsje

fen C. WIELSMA.


---

Ljeaf swealtje, 'k woe sa graech 'ris witte,  
 Hwêrstou, as 't kâld wirdt, hinne fljochtst,  
 En hwest' dêr yn 'e frjemdte sjochtst,  
 Ljeaf swealtsje, wolst' my hearre litte,  
 Hwerom ast' sokke reizen dochtst?

Myn bern, scoe 'k alles op dyn frage  
 Dy sizze, hwet 'k fortelle kin,  
 Fen hwet er oeral is to sjen,  
 Hwêr my myn wjukken hinne drage,  
 Fen myn forhael wier d' ein forlern.

Mar dit meist' witte, boi! — Fortel it  
 Ek mar oan al dyn maten oer, —  
 In fûgeltsje fynt stees syn foer,  
 As hy 't mei warber fleanen hellet,  
 En 't smakket swieter, wint min 't sûr.

It jonkje frege: „Scoe 't de minsken  
 Ek krekt lyk as de fûgels gean?  
 Ho moat min dit forhael forstean?  
 „Wêz warber! 't Giet licht nei dyn winsken,”  
 Sei 't swealtsje. — Boi seach al hwet skean.



## X. Memme Riuchterhân

fen H. VAN WARNERS.

WIZE: „Vrede!” klonk het door de straten.

Sijke, jimmer by de pinken,  
En mar amper fjirtsien jier,  
Sijke wond're fluch en helder,  
Sij, sa skrandere, moarns al ier,  
Sij, sa bjust're kras en himmel,  
Sij, sa sind'lik as de brân,  
Is for mem sa'n steun, sa'n stipe,  
Is for mem de riuchterhân.

Lean mar frij, yn folle dingen  
Is dy Sijke lang net min,  
Skûtelwaskje, hûsoanfeije,  
Docht hja tige kreas en skjin,  
En hja docht it wirk wol eptich,  
Net to rimpen, net to rûch,  
Mar it wirdt gjin tiidformoesjen,  
't Wirdt gjin kliemen, sleun en slûch.

Sijke, jimmer like rêddich,  
Pakt mar oan, sa'n hiele dei.  
Sijke, núv're flink en handich,  
Helpt hjar mem al wakker mei.  
Grif sa beusich as in holder,  
Like warber as in bij,  
Hat hjar mem, yn alle drokte,  
Dan in riuchterhân oan Sij.

Sij hat nea sa folle wille,  
Nea sa'n skik as eltse Snjeun,  
Hwent dan wirdt er skrept en heistre,  
Spield en skrobbe, poetst en wreaun.  
Jow hjar ek hwet fammeridskip,  
Mei dat ark is Sijke klear:  
Feger, boarstel, amer, skrobber,  
Bjinder, biezem, dweil en lear.

Breidsjen, stopjen, sonder brodd'ljen,  
 Al sok wirk is Sijke neat,  
 Naeijen, sônder mâl to pongjen,  
 Hat hja nou al aerdich leard,  
 Mar hja kriget njunkenlytsen  
 Alles better foar 't forstân,  
 En sa wirdt dy selde Sijke  
 Mear yet memme riuchterhân.

Ja, nou tinkt sa'n foege jonge,  
 En, op 't slimst, hy seit it ek,  
 Dat ik mar hwet al to folle,  
 Al to bot fen Sijke sprek  
 Hark 'ris feintsje, sokke Sijkes  
 Ken 'k sa folle yn ús lân,  
 Al dy kriig'le famkes binne  
 Graech for mem de riuchterhân.



# **XI. Us Beppe,**

fen C. WIELSMA.

WIZE: *In 'zestien had Lord Ermouth's vloot.*

Us beppe wennet oan 'e dyk,  
 In heal ketier fen bûrren.  
 As ik er kom, dan is 't: „Ei soa,  
 Wier boi der wer to skoerren,  
 To heisterjen en oan to gean?”  
 Ik ha 't oars goed by beppe stean.

Us âlde ljeave beppe sit  
 Meast yn hjar stoel to breidsjen.  
 Hja seit: „Astou hjir komste feint!  
 Om alles oer to eidsjen.  
 Dan is myn toffel rê!” Mar sjoch,  
 Der laeits ik om en — boartsje troch.

Yn beppe hôf dêr groeit de romt'  
 Fen apels, prommen, parren.  
 Us heit dy plichtte dêr, as bern,  
 Wol tige by to farren.  
 Ik lykje ús heit, ik dwaen him nei,  
 En — far er goed by simmerdei.

En winters, dan is 't Sinteklaes,  
 De tiid om op to setten.  
 Myn koer by beppe bringe, nou,  
 Dat ha 'k yet noait forgotten.  
 Is d' oare moarns it koerke foun,  
 Dan spring ik twa foet fen 'e groun.

't Het okkerdeis myn jierdei west;  
 Nei skoall'tiid bin'k allinne  
 De dyk útstapt, nei beppe ta.  
 Ik kaem er ryk fendinne:  
 Op beide earmen boun, dat wie  
 In sjou, der 'k hiel wol nocht oan hie.

In pûdfol koekjes hjir — en dêr  
In boek mei moaije printsjes.  
Dat wier biwoelle, hiel en dal,  
**Mei** reade en blauwe lintsjes.  
Ik lake blier, — hja tute mij  
En skriemde do. — Dat die my nij.



## XII. Myn Wouter

fen H. VAN WARNERS.

WIZE: *Hoort kind'ren! wat een klaar geluid.*  
*Uit Kinderleven: Woorden van Heije.*

Ik seach by bûrman okkerdeis  
 'Ris lamkes, — wol sa'n stik of seis,  
 En teffens ien, dat blett're sa.  
 Ik tocht: „It seil wol honger ha.”  
 Dat roan sa pûr allinne  
 Dêr efter yn 'e finne.

't Ald skiep hie mar gjin drip forlet  
 Fen 't lamke. — Soks bigriep ik net.  
 Dat skiep wie fêst in raren ien.  
 It wie mei d' oare bern sa grien,  
 Mar 't mocht dit bern net lije,  
 Sa'n stakker, ien fen trije.

En do dat lytse, trêdde laem  
 Op 't lêst in bytsje neier kaem,  
 Do krige it fen syn mem in homp,  
 En nou en dan in stjit of stomp.  
 Fij! ho 't my dat begreatte,  
 Dat kin 'k net ien betsjutte.

It moed dat waerd my siker fol.  
 Ik skriemde. Bûrman seach it wol.  
 Hy frege: „Giet it dy sa nei?”  
 Nou, nim dan 't earme beest mar mei.  
 Ik jow't presint oan 't famke.  
 Pas nou mar goed op 't lamke.

Fensels, dat wie gjin dove sein.  
 Ik makke do mar hird in ein  
 Oan 't lijen fen it earme dier.  
 It roan ek wrychtich al to fier.  
 Ik naem myn lamke ringen  
 Om 't handich thús to bringen.

Nou woe'k myn gast in namme jaen.  
Dat tocht ik alderearst to dwaen,  
Omdat ik him dan roppe koe.  
Do sei myn mem sa: „Nou, ik scoe  
Gjin better namme witte,  
Dou moast him Wouter hiette.”

Nou drinkt er málke, fleskes fol!  
En Wouter groeit, dat sjoch ik wol,  
En o, myn Wouter kin my sa!  
Hy wit, hy moat fen my it ha.  
Myn lytse Wouter stjitte,  
Dat scil nou elts wol litte.



### XIII. Us Bijke

fen C. WIELSMA.

---

WIZE: *Daar was reis zekere Goliath, uit: Bartels III. No. 1.*

Us ljeave lytse Bijke  
 Dy gnoarret hwet en bromt,  
 As baes in ameryke  
 To let fen bûrren komt.  
 Dat baes it sims drok boartsjen het,  
 Begrypt er net.

Ik leau, fekânsje makket  
 Him blider yet as mij.  
 Den tinkt er fêst, dy stakkert:  
 „Myn lytse baes is frij.”  
 En as ik wer nei skoalle moat,  
 Dan sjocht er swart.

't Hiem op en del to jeijen,  
 Togearre en dan om 't hirdst,  
 Der skynt er oer to meijen,  
 Dan keft er, 't is in lust.  
 Mar ho 't er bromt en blaft en beart,  
 Hy docht yen neat.

Sims kin er nuver boartsje:  
 Hy rôllet oer 'e groun,  
 Of mealt ek wol in hoartsje  
 Hast as in top yn 't roun,  
 Of, om de nocht, lit hy de bern,  
 De toskên sjen.

Mar op de katten het er  
 It grou en dy? Nou tink!  
 Dy fjogge sims troch 't wetter,  
 As Bijke seit: „Hjir bin 'k!”  
 Hja kladd'rje ek wol yn in feeche  
 Hwa wit ho heech.

Us Bijke is knap, to sizzen:  
 „Sit op!” of poatsjes jaen,  
 In skoft foar dea to lizzen,  
 Dat kin er linich dwaen.  
 „Forlern! Siikje op!” dat's yet al slim,  
 Mar, 'k lear it him.

Us Bijke is snoad, ja wonder  
 Mei 't hiette, ho 't er leart,  
 Sa'n houn, seit heit, dy onder  
 De minsken stees forkeart,  
 Wirdt op it lêst hast minske mei,  
 Op 't praten nei.



## XIV. Yn 'e Snie

fen E. SWART.

WIZE: *Het Pennelikerslied,**of: De boer is wel een flinke man. Bartels IV. No. 6.**of: De Spanjaard zoekt met heel zijn vloot. Bartels IV. No. 7.*

O, jonges, sjoch 'ris út 'e hûs!  
 't Is allegearre snie;  
 Nou ha wy wille by de rûs;  
 'k Woe, dat it faek sa wie.  
 Kom, jonges, meitsje dochs hwet oan,  
 Hwent sjoch 'ris: lytse Pier  
 En Japik, Klaes en Jan en Toan  
 Ha dêr in bult plesier.

En Hindrik fljucht nou bûten doar,  
 En Piter rint him nei.  
 Hja dounsje loftich troch elkoar  
 En rôlje oer de wei.  
 Mar dat is neat: hja steane al wer;  
 Hja laitsje lûd en blij,  
 En Hindrik seit tsjin Piter: „Dêr!!  
 Dêr hast hwet moais fen mij.”

Hy pakt in hânfol droege snie  
 En rost ús Piter yn.  
 De stimper wit him sels gjin rie:  
 Hy is sa goed as blyn.  
 Al d' oare jonges komme nou.  
 En dogge fûl hjar bêst;  
 Elts fjurret tige fen him ou,  
 En gint him hast gjin rêst.

„To jonges! wês net bang: de slach  
 By Waterloo ha wy.  
 Myn âlde bûsdoek is de flach.  
 To, fjuchtsje jimme frij!  
 Kom, Blücher, hjir! To Wellington!

De fijân wykt, hoera!  
 Wy jeije dy Napoléon  
 Nei Sint-Helena ta.

Min kampt mei moed, mei krêft en fjûr;  
 De striid nimt hast gjin ein;  
 Mar dochs — de fijân jowt him oer,  
 De Frânsman is forslein.  
 Nou, 't waerd ek tiid, hwent jonges, hear,  
 De skoalleklok hat slein.  
 Nei skoall'tiid komt de wille wer,  
 Mar nou oan 't learen tein.



## XV. Rein en syn Klompskip

fen C. WIELSMA.

WIZE: *Nei rein komt sinneskyn (Noardske Balke, No. 29.)*

It kap brik fen ús heite klomp.  
 Dat spiet my neat. Ik sei: „Nou sci'k  
 Myn bêst 'ris dwaen. Ik meits in brik!”  
 Myn poepeknyft wier fjirst' to stomp,  
 Mar 'k liende, — do wie 't spil yn 'e es, —  
 Us memme jirpelskyldersmês.

Mar 't waerd gjin brik. In Fryske tsjalk  
 Is 't wurden en sa hecht, — gjin sier  
 Koe'r sterker wêze, sels al wie'r  
 Opmits'le yn cemint en kalk.  
 Er stiet in tûchje op, moaijer het  
 Grif d' aldermoaiste boeijer net.

Mar hwet my dochs sa heislik spyt?  
 Dat ik er net yn sitte kin.  
 Hwent dan koene alle skippers sjen,  
 Dat 'k fen hjar wirk al aerdich wyt,  
 Licht sei dat folts: „Dat is er ien,  
 Dy hat dat wirk wol earder dien.”

Dêr giet myn tsjalkje, jonges, sjoch!  
 Hwet sylt er snidich by de wyn;  
 Pas op, er sit wol farren yn;  
 Yet krapper? — Ja! — Der leit er troch,  
 En ast him nou net lilik bisnijt,  
 Dan leau 'k wol, dat er 't hoekje krijt.

Hy set op 't holle wetter ta,  
 En dounset fleurich op 'e weach.  
 As ik ir nou mar kâns ta seach,  
 Dan moast de skoat in knikje ha.  
 Kom mei mar, sjoch! dêr leit in skou,  
 't Skip efternei, stap yn! to gau!

Min stekt fen wâl, fol moed en bliid.  
 Mar hark dêr ropt syn heite stim  
 Syn makkers ta, sawol as him:  
 „Mei 'n lyts ketier is 't skoalletiid;  
 Dan leare jonges! Is 't forstien?”  
 For dat pas wier 't mei 't farren dien.

Rein, yn 'e skoalle, docht dêr fêst  
 Syn wirk wol kreas, mar tinkt ek faek:  
 „Ik lit for 't skipkesilen draek  
 En hoep en knikkerts graech mei rêst,  
 Ik hâld fen 't wetter. 'k Wol abslút,  
 As 'k greater wird, it ségat út.”



## XVI. Net plús

fen H. VAN WARNERS.

WIZE: *Daar zat een haasje bij de sloot.*

*Uit de zingende kinderwereld, No. 22.*

Nou ha 'k foar goed in leske hawn.  
Sa krij'k fen 't ljeppen mear forstân.  
'k Hab hwet leard yn nijboers finne,  
Hwêr dy wide sleaten binne,  
Yn dat lân.

Ik sei: „Hwet scoe sa'n nauwe sleat!  
As 'k wol, dan ljep ik oer in feart.  
'k Tel sa'n foege sleat gjin dripke,  
't Is for my sa'n koart, lyts hipke.  
't Is my neat!”

As ik 'ris mei sok wirk begjin,  
Dan is 't in wonder, hwet ik kin.  
'k Bin hwet mânsk yn folle dingen,  
Mar foaral yn 't sleatsjespringen  
Bin'k net min.

Mar nimmen leande hwet ik sei.  
Elts smiet it as in praetsje wei.  
O, dat koe 'k sa klear fornimme.  
Derom sei 'k: „Nou, hwa fen jimme  
Ljept my nei?”

Sa'n lytse streupert kaem foar 't ljocht.  
Dy naem it oan. Dat hie 'k net tocht.  
Och, hwet woe 'k it graech ûntwine,  
Mar ik koe gjin útwei fine,  
Ho 't ik socht.

Dêr stie 'k. Elts rôp, ik moast er oer.  
O jonges, o, hwet hie 'k it sûr.  
Al myn pochen, myn gesketter  
Joech my neat. Ik moast oer 't wetter.  
Hwet in toer!

Ik sei wol, dat ik ljeppes woe,  
 Mar 'k stie to driigjen, ja, ik scoe.  
 Och, ik waerd troch nimmen sparre.  
 Sels dy lytse streupert narre,  
     Hwet er koe.

Dy sei: „Hwet is 't in bange bloed!  
 Hwêr brocht dy swetser nou syn moed?  
 'k Wol net ljeafst, sa scil er tinke,  
 Yn dy nauwe sleat fordrinke.  
     Hwet in noed!”

Ik skoarre sa, hwa docht dat nij?  
 Mar 'k ljepte dochs, al woe 'k graech frij.  
 'k Siet dan ek, mar efkes letter,  
 By de kikkerts yn it wetter.  
     Fij, o fij!

En alle jonges, hwet in krús!  
 Dy bringe my mei 't snoekje thús.  
 Ik, de greate balkebrekker,  
 Bin nou lyts en oars sa'n sprekker.  
     't Is net plús.



## XVII. Op it Skoalleplein

fen J. HORNSTRA.

WIZE: *Onze Vlag. Zangvogeltjes IV, No. 10.*

Sjoch dij bern 'ris op it skoall'plein,  
Elts hat wille, net to min.  
't Krielt, it fitert troch elkoaren  
Mei sa'n wonder fleurich sin.

Hjir is 't folts sa drok oan 't knikken,  
Wylst dêr kopketomm'le wirdt.  
Jinsen sjocht min petsjeballers.  
Hwet in nocht; hwet skrept min hird.

Neat as klearebare wille  
Neat as fleur yn al it dwaen,  
't Is yet efkes tiid fen boartjen.  
Aenstonds scil de skoall'klok slaen.

Mar hwa stiet dêr bij de mûrre?  
Hwerom docht dy siel net mei?  
Is er faeks hwet steech en noartich?  
Is er him hwet yn'e wei?

Och, syn beide krukken jouwe  
Wol in andert op ús fraech.  
Wis! de stimper kin net meidwaen,  
Oars, och, woed er o sa graech.

Moai! Sa'n stik of njuggen jonges  
Hokje om de stimper gear.  
Wolle net mear petsjebalje,  
Ha gjin nocht oan 't knikken mear.

„Kom!” lit ien fen hjar him hearre:  
„Nou ris skoalle boartsje, bern!”  
En dan kin min dêr dy jonges  
By de mûrre sitten sjen.

Flink sa, bern! hwent och dy stakker  
Winsket ek 'ris mei to dwaen.  
't Scil dy siel, dy lytse lijer  
Grif in hopen wille jaen.

Ja, dy stimper mei zyn krukjes  
Giet it mar 'ris moai nei 't sin,  
Nou 't er by de skoallemûrre  
Mei syn maten boartsje kin.



# xviii. It lege Plak

fen E. ZWART.

WIZE: *Lang, lang ist's her. Harmoniumvriend IV.*

Op de skoallebank foar mij  
Sjoch ik eltse dei op nij  
't Plak, dat iepen is;  
As ik dêr dat plakje sjoch  
— 't Kin neat skele, hwet ik doch --  
Fiel 'k, dat 'k immen mis.

Jimmer sit der ien to min,  
Ien, dy 'k nea forjitte kin,  
Nea forjitte mei.  
't Wie myn frjeon, sa gol en goed,  
Tsjinstich, fleurich, frjeonlik, froed.....  
Hwa kaem him bynei?

Och, nou sit dêr nimmen net.  
't Plak bliuwt jimmer ûnbiset,  
Hwent ús frjeon is dea;  
Hy, dy elts graech wille joech,  
Hy, hwa elts op hânnen droech,  
D' eabelste fen 't gea.

Lêsten, op in moaije dei  
Nei de skoall'tiid gongen wij,  
Jonges, nei de feart.  
't Wier sa heislik waerm, dêrom  
Sloegen wy yn 't wetter om:  
Elts hie swimmen leard.

Mar in akelik gegei  
Komt dêr út it wetter wei,  
Ien fen ús forsinkt;  
Him to helpen slagget net;  
Hwet wy dogge, 't is to let.....  
Klaes, och Klaes fordrinkt.

Op de trêdde dei dernei  
 Gongen wy om 't sjerkhôf mei,  
     Hwêr min Klaes nou brocht;  
 Op syn grêf leit net in stien,  
 Mar in moaije krâns fen grien,  
     Troch syn frijeonen socht.

Op de skoallebank for my  
 Sjoch ik eltse dei op nij  
     't Plak, dêr Klaes op siet.  
 Mannich kear, as ik dat sjoch,  
 Ek by 't ljeafste, hwet ik doch.  
     Wirdt it each my wiet.



# XIX. In Kinst

fen C. WIELSMA.

WIZE: *Frysk Lieteboek, No. 39,*  
*of Kleine Anna uit Bruening-Halbertsma, No. 13.*

Jan Pankoek stie op 't kântsje,  
Op 't kântsje fen de sleat,  
En frege 'm sels: „Jan Pankoek,  
Siz bisto wol yn steat,  
Om droech er oer to kommen? —”  
Do die 'r in skoft neat oars  
As digerjen yn 't wetter;  
Né, mis!... yn 't einekroas.

Jan seach dy griene tekken,  
Dy 't oer it wetter lei.  
Dy naem dêr foar syn eagen  
Albiel it wetter wei.  
Mar Jan seach pols noch boatsje,  
Oars lake 'r om sa'n sleat.  
Dêr laei net iens in planke,  
Dêr wie fen alles neat.

Doch hied er hird bigrepen,  
Hy woe nei d' oare kânt.  
Nou, alle fûgels fleane,  
Mar 'n Pankoek? Né, dat spant.  
Hy sei dan ek: „Jan Pankoek,  
Dou bist fêst net yn steat  
Om oer de sleat to fleanen.  
Dat wirdt dy to geleard.


En dochs, it moat hwet eine.  
Mei krûpen komt it sa:  
Dan giet de hiele pankoek  
Grif nei de kelder ta.  
Né, rinne wol 'k; De foetten  
O, o sa rêd forset,  
Sa, dat gjin ien fen beiden  
Tiid om te sinken het.

Ik tink, dan seil 't wol slagje,  
 En as it lokke mei,  
 Dan dwaen my Pier en Binnert  
 En Dirk de kinst net nei.  
 It einekroas dat hoeft mar  
 In sierke steun to jaen.  
 'k Bin wol sa gau as 't wetter  
 En kin de reis wol dwaen.

Do naem ús Jan in oanrin.  
 Hy hie sa folle feart  
 Hast as in lûkmartige,  
 Sa kaem er bij de sleat.  
 Mei alle foarsje plofte  
 De kist'ner dêr yn del.  
 It kroas stau wit hwêearne.  
 De kikkerts waerden kjel.

It gyng sa hird nei ond'ren,  
 As stiennen fen de toer.  
 Jan skrille en skreaude: „Help mij!  
 Ik kom er sa net oer.”  
 Er stiene krekt twa mannen  
 To hjekkeljen yn 't lân,  
 Dy holpen him en seien:  
 „Der hest in ôflear hâwn.”

Jan prúste, hyme, púste,  
 De stakker trille sa.  
 „Noait wol 'k wer wetterspringe,  
 Sei Jan, „nei mem wol 'k ta.”  
 Jan Pankoek, mei syn kinsten,  
 Hie 'd eagen, mûle, noas,  
 Ja, licht ek wol syn bûsen  
 Hast heal fol einekroas.



## XX. De rike Jonge

fen H. VAN WARNERS.

WIZE: *Triomf! de vreugde stijg' ten top.*

Hwet bin ik ryk, hwet bin 'k bot ryk!  
 'k Stean op in bytsje nei gelyk  
 Mei d' alderrykste boer.  
 Ik hab in moaije sparpot, hjer!  
 Nou yetris trêddelsint, sjedêr!  
 Dan wirdt it fjirdelstûr.

Ik hab in foege boerkerij.  
 Nou just gjin hynders, skiep en kij,  
 Mar sa'n wytweiten hin  
 Mei twa keninen en in dou.  
 Ik kin wol aerdich meidwaen, nou?  
 Ja, 'k bin yn soks net min.

En neam ik al myn boartersgûd,  
 Nou kom! dan tel ik sa mar foart:  
 Myn pols, myn draek, myn top,  
 Myn bakkert, — tweintich knikkerts, man!  
 Myn hoep, myn bal, myn skip en dan  
 Myn skermman sonder kop.

Dan ha'k trochstrings de bûsen fol  
 Fen ridskip, dat ik brûke wol,  
 Dat spil is kreas yn 'e es:  
 In spiker, mei sa'n eintsje tou,  
 In knoop, in ring, ja, 't stekt net nau,  
 En dan, fensels, myn mês.

Mar as ik nou sa út en troch  
 'Ris nei myn greate rykdom sjoch,  
 Dan diel ik grif hwet mei.  
 Né, tink net, dat 'k in nepert bin.  
 Dy 't net in kromke misse kin,  
 Mar 'k smyt it ljeafst net wei.

Sjoch! as myn maet gjin knikkerts hat,  
 Hawar! hy mei dan, om myn part,  
 Wol fiif fen mines ha.  
 En as er fen my keapje wol,  
 Dan jow ik him ek, graech en gol,  
 Der ien of twa op ta.

Ik sjoch, as ik myn sinten tel,  
 Net leech op d' oare jonges del,  
 'k Bin net sa dom en blyn.  
 Al ha 'k it nou al tige rom,  
 Der bin 'k gjin grevel better om,  
 Dat sjoch ik hiel wol yn.



## XXI. De lytse Boer

fen C. WIELSMA.

WIZE: *De kabels los, de zeilen op.*  
*(Vaderlandsch Liedboek van Hol.)*

Er rint in skiep yn Ruerdboers lân,  
 In skiep mei trije lammen,  
 Sa alderljeafst nei myn forstân,  
 En 't lytste dochs binammen,  
 Och, man, als ik dat lamke hie,  
 En as dat dan in eilaem wie,  
 Dan stie 'k er net oer yn berie  
     Hwet 'k die.

Ik sprong fen 't bêd, foar dei en dan,  
 En d' earste striel fen 't sintsje  
 Foun my ... Hwêrsa? Dat riedt elts gau:  
 Foun my yn Ruerdboers fintsje,  
 En 'k sei: „Der hest in topke hea  
 Ta moarnsmiel en in stikje brea,  
 Myn bist, dat liket om de dea  
     Net kwea.

Ear dat myn laem in skiepke wie,  
 Scoe 'k fêst wol melke kinne.  
 Der gyng, as ik myn bêst mar die,  
 Net iens dy tiid mei hinne.  
 Kaem ik er elke joun en moarn  
 Wer mei in fiks miel mâlke oan,  
 Dan sei ús heit: „Dat liket skoan,  
     Mijn soan!”

Troch al de mâlkesinten trou  
 En kloek bijen to garjen,  
 Tocht ik fen tiid ta tiid al gau  
 In somke to besparjen.  
 En der foar kocht ik op 'e nij  
 Wer skiepkes yn myn boerkerij.  
 Er kamen swietsjeswei ek kij  
     Dan bij.

XXII. **Trochstrikers en Klúnhakken**

fen H. VAN WARNERS.

*WIZE: Napoleon! waar zijt gij gebleven?**of: Avondrust. Zangvogeltjes I. No. 22.**of: Wij spelen en huppelen blijde: Bartels III. No. 27.*

As 't friest, dan praet elts oer it riden

Mar 't dwaen giet al frij ûngelyk.

Hjir is ien, dy rydt flink yn streken,

Dêr immen, dy skoffelt sa bryk.

Sjoch him 'ris, hwet wol it him slagje!

Lûk oan hwet, oars bringt er ús wei.

Sjoch, sjochris! hy fljucht as in hazze.

Ik siz mar, dy kin er hwet mei.

Is 't iis net sa glêd as in spegel,

Doch komt it him jimmer fen pas.

Hij skekt, draeit en swaait jo wol linich,

Al sit ek it teanlear hwet los.

Sels eint er, as 't waeit, dat it rikket;

Hy falt net op slach troch 'e koer,

En komt er foar diken en dammen,

Ien hipke, dan is er dêr oer.

Al hat er net flak foar it lapke,

Hy skrept mar, hy docht wol syn bêst,

En ropt min: „Liz op, frjeon!” 't is makke;

Dan seit er sa golwei: „Hâld fêst!”

Mar sjoch dêr sa'n stimper yn 't riden,

„Och,” seit er, „de baen is bidoarn.”

Hy sangert oer waer, iis en redens;

Oars, seit er, oars skeelt er neat oan.

Dan binne syn redens net slipe,

En dan wer is 't haklear to lang;

Hy hat grif in foech sekfol noaten

Oer redens en iis op 'e sang.

Fij! 't is mei him jimmer sa'n skouwer,  
 Hwent iwich is 't stôk yn 'e wyn.  
 Dan sjocht er sa'n ronfels en skoerren.  
 Dan is 't wer: „It iis snijt sa yn.”

Wie 't iis en wie 't waer mar hwet better,  
 Dan wied er yn 't riden sa'n Jan;  
 Mar wol 'k nou myn miening 'ris-sizze?  
 Ik leau grif, it skeelt oan de man.

Né, 't kin mei sa'n rider neat wirde,  
 Dy 't jimmer mar foetert en grynt,  
 'k Doar wedsje, hy scil yet wol prott'lje,  
 As hy straks in dûbeltsje fynt.



## XXIII. Reedriderssankje

fen C. WIELSMA.

*WIZE: Zie! de maan schijnt door de boomen.*

Sjoch, it iis is as in spegel,  
 En sa sterk hast as in dyk,  
 Reedgekras klinkt ús yn d'earen;  
 Dat is mei fen 't moaist musyk.  
 Mei 't ús barre, op 't skerp to stean,  
 Swier falt dan it skoallegaen.

Do wy lytse benkers wieren,  
 Waerden w' op de redens boun.  
 Efter stoeltsjes, efter sliden  
 Ha wy slúrke, faek wol roun;  
 En nou stouwe w' oer de baen,  
 Sonder maklik krimp to jaen.

Folle greate minsken habbe  
 Winterdei hast oars gjin praet,  
 As oer 't jild, dat al forriden,  
 d' Eare, dy bihelle waard.  
 Lytsen dwaen de greate nei,  
 Wy prate ek al wakker mei.

O, de winter jout sa'n wille;  
 Neat sa moai, as op it iis  
 Sa to riden, sa to krigen,  
 Sa to striden om in priis;  
 Op in moai forsierde baen  
 Tsjin elkoar yens bêst to dwaen.



XXIV. **Bange Hâns**

fen H. VAN WARNERS.

WIZE: *De Vierkleur. (In Transcaalsch liet.)*  
*Sjoch de IXe bân fen: De Harmoniumvriend, fen*  
*Joh. de Heer.*

Hâns wie sa deis in greate baes,  
 Dy wol koeraesje hie.  
 Jouns wied er bang, dat Sinteklaes  
 Dan stil oan 't strûnen wie.  
 Deis die 'r in tige wird.  
 Hy joech om fjûr noch swird.  
 Mar jouns, as 't sintsje yn 't westen stie,  
 Bitomm'le Hâns sa hird.

Deis hied er jamk moai' rom geweld,  
 Sims al yn d' iere moarn.  
 Jouns krûpte Hâns, de greate held,  
 Syn mem mar wakker oan.  
 Deis warde Hâns him goed.  
 Dan hied er frijhwet moed,  
 En bliesde heis'lik op 'e hoarn.  
 Jouns wie 't in bange bloed.

Syn lytse broer wie troch in dei  
 Gjin sprekker, lyk as Hâns,  
 Mar jouns ek op gjin parten nei  
 Sa bang, dat skeelde gâns.  
 Jouns wie hij op syn plak,  
 Hans wie dan bjust're mak,  
 Dy doarst net heal de bûrren lâns  
 En helje heit tebak.

Ei nou, dan gyng de lytse Sjoerd,  
 Dy hie dan krekt syn draei.  
 Dan wie de held wer út 'e noed;  
 Dy tocht: „Nou bin 'k net faei.”  
 Mar 't barde op sa'n kear,  
 O wé! do kaem de bear

En bromde sa ! Hâns seach al taei  
 En sei : „Nou hear 'k him klear.”

Mar mem dy sloech dat yn 'e wyn ;  
 Hâns sei : Hwet is 't in skrik !”  
 Heit rôp : „Nou kom er dan mar yn !”  
 Dy wie net fen syn stik.  
 Hâns tocht : „Dit wirdt in krús.  
 It is hjir lang net plús.”  
 En sjoch, dêr kaem, mei folle skik,  
 De lytse brommer thús.

Dat wie dy greate, lilke bear.  
 Dy lake him hast slop.  
 Mar sont is Hâns net skrúten mear :  
 Hy learde fen sa'n prop,  
 En for syn lytse broer  
 Hat Hâns nou alles oer.  
 Ja, for dy gút, de lytse strob,  
 Rint Hâns nou troch it fjûr.



XXV. **De Skoallekies**

fen H. VAN WARNERS.

WIZE: *Onze koning Willem leve!**of: No. 6 uit Bloemkelkjes: 't Schemert door d' ontblaarde  
boomen.*

Jan wier moarns sa swier te rissen,  
 Hast net út it bêd to slaen.  
 Heislik hie'r it, just foar skoall'tiid,  
 Mei sa'n holle kies to dwaen.  
 Mar syn heit hie wol bigrepen,  
 Ho 't dy kies sa'n lijen joech:  
 Och! dat ding koe net forneare,  
 Dat it skoalleklokje sloech.

Efkes foar de klok fen njuggen,  
 Likernoch in foech ketier,  
 Koe min Jan sa kriten hearre,  
 Faek en folle ryklik fier;  
 En sje dêr! in ûrke letter  
 Fielde Jan syn pine net,  
 Mar dan koe hij net nei skoalle,  
 Hwent dan kaem er wis to let.

Jan wie jerne frij fen skoalle,  
 En sa barde 't op in moarn,  
 Dat dy kies fûleindich pimpre,  
 En dat boaze sa mar oan.  
 Jan begoun wer hird to twingen:  
 „Moat ik ek nei skoalle ta?  
 Och, ik kin sa doch net leare,  
 Wylst ik o sa'n pine ha.”

Heit sei do: „Dat skoallforsomjen  
 Is in allerheislikst lêst.  
 As dy kies mar net om 't lyk wol,  
 Stiet it wrammels net sa bêst.  
 Kom, ik scil ús dokter helje,  
 Hwent dyn learen wirdt gjin byt.

Dokter seil dy kies wol sprekke,  
Ringen bist' dat lêst dan kwyd."

Jan wie lang gjin frjeon fen dokter.  
Hwent dy kaem krekt sa 't er wie,  
En dy scoe 't him gau fortelle  
Ho 't it mei dy pine stie.  
Jan foel handich yn 'e lijte;  
Né! dy kies die net sa sear.  
O, hwet roan er hird nei skoalle.  
Jan hie nou gjin pine mear.



XXVI. **Soldateboartsje**

fen H. VAN WARNERS.

WIZE: „Wel, jongens! waar ga je zoo deftig naar toe?

of: *De hemel is blauw en het zonnetje lacht.**(Uit Bruining & Halbertsma.)*of: *Wiegelied (Vaderlandsch Liedboek van Hol).*

Wy binne soldaten. Sa krigel fen sin,  
 Mar siikje gjin rûsje, Dat is ús to min.  
 Elts is hjir wol feilich, Ha dermei gjin noed;  
 It giet mar sa beare, En dat 's ek mar goed.

Né, 't is hjir gjin tinken, Wy dogge gjin kwea,  
 Wy slaen en wy sjitte, De minsken net dea;  
 Mar lykwol as immen, De gek er mei hat,  
 Dan prottelt ús baes, Ja, dan sjocht er grif swart.

Pas op mar, yn 't hoekje, Dêr is de prevoast.  
 Dêr jout it gjin pankoek, Mar hunger en toarst.  
 Dy 't lang net om lyk wol, Yn dit en yn dat,  
 Dy komt yn 'e kelder; Dat is de kesjot.

As Jan Generael is En Durk ús kaptein,  
 Is 't spul kreas yn oarder, Wy binne sa kein.  
 In knoop fen giel koper Op 't petsje: 't is klear.  
 Dat is de sjeko dan. In stôk is 't gewear.

Wy stappe parmantich, Lyk as in soldaet.  
 Wy rinne, marsjerje Sa flink yn 'e maet.  
 Hirdrinne de famkes Bij 't bikkelfen wei,  
 En eagje de jonge Soldaetsjes dan nei.

Hwet sjogge wy dapper, Wy habbe sa'n skik,  
 En lûke de sabels. Dy binne fen blik.  
 In reastreke bûsdoek Is boun oan in stôk,  
 Dy stiet wylst foar flagge To wapp'rjen op 't hok.

Wy binne hjir maten En, earm nou of ryk,  
 Dat is ús it selde, Wy stean hjir gelyk.  
 Wy rôlje gjin fûst op, Wy sjogge net toar,  
 Wy daegje net út Mei gehûn en genar.

Wy wirde net deilis Mei Frânsman of Prús;  
 Fen tsieren en fjuchtsjen Is nimmen hjir thús.  
 Mar kin 't net mei frede, En wol min ús ha:  
 Koeraesje dan, jonges! Mei moed er op ta.

Dêr jinsen by 't hikje Stiet Klaes op 'e wacht,  
 Sa bang en forbûke: It giet tsjin de nacht.  
 Nou, Klaes, nei 't marsjerjen, Dan bliest de trompet:  
 „Marsch! marsch! hîrd nei mem ta. Rettettettettet.”

Yn heite kezerne Yt Klaes him dan sêd,  
 En heart ek nei 't wachtwird: „Kom, feintsje! nei bêd.”  
 Dan is er net skrúten, Net bang mear, de baes.  
 Gau droomt er: „Net ien is sa driist as dy Klaes.”



XXVII. **De lytse Jager**

fen H. VAN WARNERS.

*WIZE: Gij lieve lelie op het veld, of No. 28 fen 'e Balke.*

Us Pyt is amper fjirdeljier.  
 Nou, elts bigrypt dan wol:  
 Sa'n strob is yet net great en swier.  
 't Is mar in hantsjefol.

Mar o! hwet is er snoad en wiis.  
 Wy moatte nou en dan  
 Sa laitsje om ús lytse biis,  
 Dy ljeave bûkeman.

't Is wûnder, ho 't er boartsje kin,  
 En ho 't er him dan rept.  
 Dan is de streupert lang net min,  
 As hy sa beuzich skrept.

Hwet hat ús boike dan in nocht,  
 Dy ljeave lytse gút,  
 En dy 't him dan sa heist'rjen sjocht,  
 Tinkt faek: „Ho fynt er 't út.”

'k Lean, dat er nea sa'n wille hie,  
 As lêsten op in joun.  
 Hy miende, dat er jager wie,  
 Us Fike wie syn houn.

In weitas foun er yn it hok:  
 Myn âlde boeketas.  
 In flinke pols, ús heite stôk,  
 Kaem ek sa moai to pas.

Dy naem er yn syn lytse hân,  
 Hy wie do kant en klear.  
 Us greate keamer wier nou 't lân,  
 De feger syn gewear.

De turfbak waerd in hege dyk  
 En eltse stoel in bosk.  
 In bakkert waerd in einepyk,  
 In knikkert mar in mosk.

Mar as de lytse man sok kriel,  
 Sa'n mosk wol sjitte koe,  
 Dan tocht er, dat de lytse siel  
 Yet graech hwet libje woe.

En d' einepykjes yn 'e feart  
 Dy liet er ek mei rêst;  
 Mar for de hazzen by de sleat  
 Stie 't net sa bjust're bêst.

Us jager strúnde, warber wei,  
 It lân mar op en del,  
 En Fike socht sa bitsich mei.  
 Dy sprong hast út it fel.

Sa seach de baes, wol op syn dreef,  
 Twa hazzen yn it koarn:  
 Twa greate nûten, blank en geef,  
 Hy lei 't geweer gau oan.

Poef, Paf, hwet linich skeat ús pop  
 Dy beide bisten dea.  
 Do plúze Pyt de hazzen op,  
 En Fyk in stikje brea.



XXVIII. **Murk en Mop**fen H. VAN WARNERS.

WIZE: *Al is ons Landje nog zoo klein.*  
*(Vaderlandsch Liedeboek.)*

Us Murk hat dizze lytse houn,  
 Us Mop 'ris yn sa'n tsjustre joun,  
     Forlegen op 'e bûrren foun,  
     En Murk is dan wol sa:  
 Dat Mopke dêr sa hong'rich stie,  
 En troch syn baes forlitten wie,  
     En nou gjin frjeon, gjin selskip hie,  
     Dat mocht myn broer net ha.

Murk socht mar gau in koer mei hea.  
 Hy tocht wol om de kâlde lea  
     Fen Mopke. Soks forjit ik nea,  
     Al is 't ek wiken lyn.  
 Mem koe der mar sa matich oer,  
 Mar heit wier net in byt oerstjûr.  
     Murk brocht it hountsje nei de koer.  
     Qêr kaem ús Mop nou yn.

Mem tocht, dat Mop ús bite scoe,  
 Of faeks ûnbidich keffe woe,  
     En wol 'ris heislik wâdsje koe,  
     Dan wie dat neat as lêst.  
 Mar 't dûrre mar sa'n oardeldei,  
 Do lake Murk, as mem sa sei:  
     „Dit falt my hûndert parten mei,  
     Hwent Mopke hâldt him bêst.”

En sjoch, nou is er neat to dwaen.  
 Sa kin 't ris tige bêst bislaen.  
     Mem scil ús Mop nea kibjen jaen.  
     Dat is for Murk sa'n treast,  
 Mem seit: „Hwet is ús Mopke trou!  
 Hwet is er fluch! dat stekt net nau;  
     Hwet wirdt er glânsich!” Ja, de frou  
     Bidjert him aldermeast.

XXIX. **Hwa Sjak wie**  
 fen C. WIELSMA.

---

Nou scil 'k in moai forteltsje dwaen.  
 Pas op! ik set fen d'ein.  
 't Is fen in faem, in aep, in kat  
 En fen in sékaptein.

Hwet ik hjir nou fortel, dat is  
 Forskate jierren lyn.  
 Do libbe er yn ús lân in man,  
 Dy hiette Foardewyn.

Dy namme kaem him earlik ta.  
 It wier him lokkich gien.  
 Hwa wit, ho folle reizen hie'r  
 Nei East en West wol dien.

Do'r âld waerd, bleau de man oan wâl.  
 Hy kocht to Harns in hûs,  
 Bynei it moaiste fen de stêd,  
 Hwent jild hie'r by de rûs.

Dêr wenne'r do mei'n âlde faem,  
 In aep en yet in kat.  
 Dy aep hie'r kocht yn 't frjemde lân,  
 'k Leau, fen sa'n Hottentot.

En as ik my nou goed betink,  
 Scoe 'k sizze, dat de faem  
 Dêr út de Minnertsgeaster hoek,  
 Of út de Bjirmen kaem.

Fen poes, dy by de Stiennen man  
 As poeske boarte hie,  
 Mei 'k sizze, dat hja for sa fier  
 In echte Harnser wie.

Der hat min nou it trijetal.  
 De faem dy hiette Saep,  
 Poes waard' al folle Martsen neamd,  
 En Sjak, dat wie dy aep.

Syn master stiek him yn 'e pronk  
 Mei 'n fjûrread jaske en broek,  
 Hwent Sjakje stie by d' âlde baes  
 Earst alderbêst to boek.

Mar d' aep wie stienondogens, bern.  
 In glûpert, trochgemen.  
 Derom wie Martsen mei dy snaek  
 Dan ek net mâlle grien.

Hy koe sa ljeaf, sa dimmen sjen,  
 As hied er lek noch brek.  
 Wie baes by honk, dan hold er trou  
 De pipen yn 'e sek.

Hy hûnde Saep en Martsen graech.  
 Hy slynde, gnobbe, smiet  
 De stoven om op 't nije kleeed,  
 Of bruide 't kletstrochwiet.

Faek loek er Martsen oan de stirt,  
 Bikniep hjar mei de doar;  
 Saep sprong er op 'e rêch, dat hja 't  
 Fen skrik omtrint bistoar.

Hja klage, kaem de baes dan thús,  
 Fensels hjar need oan him.  
 Hy frege dan: „Oerdriuwst' nou net?”  
 Of: „Is it wol sa slim?”

Och, jaen sa'n bist in bytsje ta.  
 Hâld frede Saep en tsier  
 Net mei sa'n aep, — jji binne dochs  
 Fêst wizer as sa'n dier.

Mar 't krûkje gyng mei Sjak sa lang  
To wetter, dat it briek:  
Mei d' apestreken kaem 't sa fier,  
Dat baes it sels ûntdiek.

Do seach er klear, Saep hie gelyk.  
Hy naem in koart bislút,  
En, ien, twa, trije, — né! sa gau  
Is myn forhael net út.



## XXX. Hwet Sjak útsette

fen C. WIELSMA.

Saepke hie 'ris yn 'e yeske  
 Fen it keamerskachellaed,  
 Hwet kestanjes lein to brieden.  
 Martsen slûge, dea bedaerd.

Sjakje hie syn eagen iepen,  
 Snoarke wol, mar sliepte net,  
 En hy tochte: „Dy kestanjes  
 Wirde fêst for my net bret.

Mar dochs scil ik d' earste wêze,  
 Dy de brette pitsjes priuwt,  
 As dy Saep mar efkes oppakt  
 En hwet út 'e keamer bliuwt.

Moai sa! Saep forliet de keamer,  
 Mar de doar bleau yn it kier.  
 Sjak wie hastich by de kachel.  
 „Gau dat laed op, — net to fier!”

„Klear!”— Nou handich oan it rieren  
 Yn de yeske. — „Au!” dat die  
 Heislik sear. „Hwet dom!” sei Sjakje,  
 „Dat ik der gjin erch yn hie.”

„Help in hantsje, Martsen! helje  
 Dy kestanjes gau for my  
 Ut it fjûr.” Hy lûkte Martsen  
 Nou in bytsje tichter by.

Martsen die hjar bêst mei bliezen,  
 Gûlde neat as moart en brân,  
 Hwent hjar iene foarste poatsje  
 Siet dêr yn dy apehân.

d' Aep bigoun der mei to rieren  
 Yn it fjûr. Poes die hjar bêst  
 Om, as 't woe, wer los to kommen,  
 Mar dy poat siet al to fêst.

Martsen waerd al lik en finnich,  
 Mar dat joech net. Sjakje sei:  
 „Ljeave sloof, kin ik it helpe,  
 Dat 'k sa graech kestanjes mei?”

Foardewijn loerde om it hoekje  
 Fen de doar, seach alles oan,  
 Hearde ek alles, stapte binnen  
 En do wie 't: „Dit treft mar skoan.”

'k Hoef nou langer net to freegjen:  
 „Nimt de faem it ek to nau.  
 Ut, yn ienen! „Sjak ûntwykte,  
 Mar kaptein hie 'm malle gau.

„'k Scil dy sprekke, falske loebes,”  
 Sei er en hy keilde 'm sa  
 Yn de kelder. „Feint, nou scitte  
 Moarn op slach dyn fonnis ha.”



XXXI. **Hwêr Sjak bilânne**

fen C. WIELSMA.

't Waerd moarn. De keldersdoar kaem op,  
 Och, och, hwet trille Sjak  
 Fen kjeld en bangens en nou wie 't  
 Foart út mei 't moaije pak.

Do kaem er yn in tichte koer.  
 Sa brocht syn master him  
 Nei 't wetter. Waerd er do forsûpt?  
 Fij, né! dat gyng to slim.

Dy koer kaem op in greate boat,  
 Dat wie de koartste wei;  
 Sjak krige yet, as passasier,  
 In foech lyts briefke mei.

„Dy falske aep,” sa stie dêr yn,  
 „Wol ik net langer ha.  
 Bring Sjakje mei syn streken nou  
 Mar hird nei d' Artis ta.

Yn Artis is sa'n apehok  
 Fen izertried en dêr  
 Wenje apen yn en jachtsje sims  
 Sa kluchtich hinne en wer.

Min is faek slop fen 't laitsjen as  
 Min der nei stiet to sjen.  
 Komm' jimme skielk yn Amsterdam,  
 Foaral nei d' Artis, bern!

Ik wie dêr foar in mannich jier  
 Yn d' Artis en ik bleau  
 Er hast in hiele dei en kaem  
 Ek by dat apereau.

Ho pitertuerlik jage dat  
 Oanhâldend troch elkoar!  
 Hja tochten siker: „Mâl is moai!”  
 Nou, der wiern' 't apen foar.

Mar ien er fen, in flarde, brocht  
 In hopen lêst to wei.  
 Hy narre, hûnde, hwa 't er koe  
 En kaem hast elk to nei.

Sims krige er tikken op 'e kop,  
 Dy 'r fiks fortsjinne hie.  
 Mar 'k mirk, dat sa'n trewinkel just  
 Net lang fortûten die.

In echte loeder wie 't, dy aep,  
 Al boun er sims hwet yn.  
 Kom, ried 'ris bern, hwa wie dat nou?—  
 't Wie Sjakje Foardewyn.



XXXII. **Nei omke Jan**fen H. VAN WARNERS.

'k Ha sa'n langst nei 't útfenhûsjen.  
 O, der ha'k my sa nei set.  
 Nou, sa'n reis nei omke en moike  
 Bart ek alle dagen net.

Fier oan d' oarekant fen Ljouwert  
 Wennet memme jongste broer.  
 En dêr jinsen is al jierren  
 Omke Jan sa folle as boer.

Omke, ja, dat kin 'k fornimme.  
 Hat in bulte mei ús op.  
 Mar ús Piter, om to pleagjen,  
 Neamt my sims ús omke pop.

En dat bin ik, seit de húner,  
 Om 't ik omke namme draeg,  
 Hwent ús omke Jan is namm'siik  
 Seit ús Pyt, mar 'k leau it skraech.

Piter moat er neat fen sizze,  
 Hwent hy rint de planke mis.  
 Piter wit, dat hy by omke  
 Ek al tige wolkom is.

Mem sei lêstendeis ús omke  
 Is in earste bernegek,  
 En der liet ús heit op folgje:  
 „Moike Tryntsje dy is 't ek.”

En nou foar in foege wike,  
 Né, 't is efkes langer lyn,  
 Krige heit in aerdich briefke.  
 Ried 'ris gau, hwet stie dêr yn?

Nou, ik scil it ek mar sizze:  
 Omke makket ús sa bliid,  
 Hwent hy skriuwt, for útfenhûsjen  
 Is 't moai waer en krekt de tiid.

Omke skriuwt, de parren rypje,  
 En dat skreppen yn it hea  
 Giet de boeren njunkenlytsen  
 Al in dripke út 'e lea.

„Wolle,” skriuwt er, „Jan en Piter  
 Útfenhûsje by de boer.  
 't Scil ús tige, tige noaskje,  
 My en moike. Kom dan oer.”

Heit hat sein, it moat mar wêze,  
 Mem docht ek wol greach ús sin,  
 Mar hja freget dochs oan Piter:  
 „Hast er faeks ek hwet op tsjin?”

Piter hat de fraech bigrepen  
 En hy sjongt, de lytse man,  
 Al fen klearebare wille:  
 „Ik gean mei nei omke Jan!”

Al yn 't earst fen nye wike  
 Gean w' op reis, dan giet it oan,  
 Hwent dan is it krekt fekânsje.  
 Is 't net wier, dan kin it skoan.



XXXIII. **Ho 't ús foldien het**  
 fen H. VAN WARNERS.

Ik gyng dan mei myn jongste broer  
 Op reis. Mem seach ús nei  
 Sa fier as 't koe, en heit gyng yet  
 In foech lyts eintsje mei.  
 Hwent sjoch, it hûs fen omke Jan  
 Dat stiet net neist ús doar.  
 Dat liket neat, dêrom brocht heit  
 Us efkes nei it spoar.

Do reisgjen wy sa'n great ketier. —  
 Hwa stie do by de trein?  
 Us eigen omke Jan, dy hie  
 De brúne foar de wein.  
 Brún brocht ús hird nei moike ta,  
 En fleach mar as de reek,  
 Mar lykwols bleau er froed en mak  
 En tige by de streek.

Sa durre 't mar in amerij:  
 Wy wierne handich oer.  
 De brúne krige do syn lean:  
 In aerdich skepke foer.  
 En moike joech ús boerekost,  
 It stie der wakker bij;  
 Wy krigen earst al strou mei spek  
 En do yet rizenbrij.

Wy habbe do by omke Jan  
 In hopen wille hân.  
 Dan boartten wy by hûs en hiem,  
 Dan swalken wy troch 't lân.  
 Wy swabb'ren faek de greiden troch  
 En founen ek in nêst  
 Mei jonge ljurkjes, mar, fensels,  
 Dy lieten wy mei rêst.

In hin mei pykjes roan op 't hiem  
 Dy soarge for syn team,  
 Wylst Akke lûd to skatt'rjen siet  
 Yn d' alderheechste beam.  
 In eintsje mei syn lytse bern  
 Sloech drok yn 'twetter om,  
 En 't douke koerde jimmeroan:  
 „Roekoe! hwet ha 'k it rom.”

Sims frege moike, hwa fen ús  
 Al slim ûnwennich wie,  
 En of ek immen altomets  
 Hwet sin oan parren hie.  
 En ienkear, op in moaije joun  
 Wie 't feest, hwent moike sei:  
 „Komoan, ik moat 'ris witte hwa  
 Wol sûkelarje mei.”

Mar Turk, de greate bonte houn,  
 Wie fêst gjin frjeon fen bern,  
 Dy loebes liet 'ris op in kear  
 Syn wite tosken sjen.  
 En Bokke die sims d'eagen ticht,  
 Krekt of 't er sizze woe,  
 Dat hy, sa út 'e holle wei,  
 In deuntsje kraeije koe.

Ja Bokke, mei syn reade kaem,  
 Wie wakker wiis en wis.  
 Ik tink, omdat syn kraeijerij  
 Altiid it selde is.  
 Gjinn master rydt him nei, hy kin  
 Mar yn de wjukken slaen,  
 En as er soks bigrepen hat  
 Him sels fekansje jaen!

Us tiid wie mar hwet al to koart,  
 It like nearne nei.  
 't Is spitich, bern, sei moike, mar  
 't Is hjoed de lêste dei.

Hja treau ús moai hwet parren ta,  
 En 't roan do hird nei d'ein.  
 Wy rieden d' oare moarns nei 't spoar,  
 De brúne foar de wein.

Mar moike joech ús earst de hân  
 En sei: „Kom gau 'ris wer.  
 De groetenis oan heit en mem,  
 Dat net forjitte, hjer!  
 En berntjises, tink er tige om:  
 Foarsichtich onderweis.  
 Pas op, en krij gjin ongelok!  
 Nou, jonges! goede reis.”

En do 't ús Piter dêr for 't lêst  
 Oan omke side siet,  
 Do krige broer it al to krap,  
 Syn eagen waerden wiet.  
 „Net skrieme, boi!” sei omke Jan,  
 „Hast moike goed forstien?  
 „Kom gau'ris wer.” „Hwet graech”, sei Pyt.  
 „It hat ús bêst foldien.”



XXXIV. **Sims to gau great**

fen H. VAN WARNERS.

Us lytse Bokke Hie 'k efkes lokke  
 Yn 't feilich stjelpke. Dat die him nij.  
 Hy seach myn noed net En hie syn moed net.  
 Ik tocht: „Hawar dan!” Ik liet him frij.

Do 't Bokke it woun hie, Op frije groun wie,  
 Do scoed er kraeie Mei d' eagen ticht.  
 Dat moast my jilde. Mar Bokke tilde  
 Oer 't kûkeldeuntsje Hwet al to licht.

Do proastich stappe, Wiid waerd er gappe,  
 Lyk as sa'n hoantsje Dan gapje kin.  
 Mar 't kraeijen woe net, Hwent Bokke koe net.  
 Nê! 't wie syn wirk net, O! 't gyng sa min.

Och, 't moast net lykje. Hird wer besijkje!  
 Al rekke Bokke Syn asem kwyd.  
 't Gyng wer fen 't selde. Mar Bokke telde  
 Dat flinke kraeijen Nou net in byt.

Us Bokke tocht al: „Fier ha'k it brocht al.  
 „Hwet bin 'k in kearel! Dat is ûnfoech!  
 „'k Siz, dat myn kraeijen, Mei krease draeijen,  
 „Doch iwich moai gyng, Al kras bisloech.”

Wylst kipe poeke Stil om 'e hoeke,  
 Omdat hja smucht hie Op hoannefleis,  
 Hja loerde wakker. Hja griep de stakker  
 En lytste Bokke Hie gau de reis.

Sa'n wiis merakel Moat gjin spektakel  
 Moat net, as bern al, Sa'n drokte ha,  
 Oars wirdt sa'n kraeijer Yet folle faeijer,  
 Licht komt de kat dan Wol op him ta.

Dat domme hoantsje Tocht net in toarntsje  
 Om 't wiize bekje. It bleau net kûs.  
 't Wie hwet to dapper. Do wier de stapper,  
 De lytse kraeijer Gau for de poes.

Mar lytse Fokke Is krekt as Bokke.  
 Hy is, as 't hoantsje, Ek eigenwiis.  
 Hy docht syn sin mar En tinkt dan: „Rin mar!”  
 As min hwet noed hat. Is 't net in griis?

Faek hat dit maetsje Sa'n noaswiis praetsje,  
 Hy hat it earste En 't lêste wird.  
 Faek wirdt er lake Om lytse „Pake,”  
 Om 't âlde mantsje Yet sonder bird.

Sa snapt, sa kraeit er En proastich swaeit er  
 Mei 't pypke, — 't feintsje Fen njoggen jier,  
 Der kin de poarre Him drok mei warre.  
 Nou, jonges, rint soks Net al to fier.

Hwent as sa'n kikkert Sa dapper rikkert,  
 Dan is er ringen Glêd fen 'e streek.  
 Sa'n lyts bigrypke Wirdt troch syn pypke  
 Sa'n âld lyts mantsje, As kalk sa bleek.

Boi moat wol leare, Mar 't giet sa beare,  
 Hwent och, dan docht er Net heal syn bêst.  
 Mar nei segaren En sokke snaren  
 Der is er slj nei. Is dat gjin lêst?

Hy moat mar boartsje; Ja gâns in hoartsje.  
 Soks jout ús mannen Dêr stiel yn sit.  
 In bern, dat wiis is, Gau âld en griis is,  
 Wirdt noait in kearel Mei mirch en pit.

XXXV. **It Berneklokje**

fen C. WIELSMA.

*WIZE: „Wel jongen,” sprak de scheepskap'tein.*

As 't sintsje nei it Westen lûkt,  
 Dêr 't alle jounen onderdûkt,  
 Dan rekke en gapje lytse bern,  
 En kinn' hast net út d' eagen sjen.  
 Den liedt it berneklokje,  
 It klokje.

De Fearman ropt al: „Kom, ei kom!  
 Hwa langst het nei in swiete slom.  
 Kom, Sânman, bring de berntjes mar  
 By my, en mem, bistopje hjar!  
 Hark, hark, dêr klinkt it klokje,  
 It klokje.

En sjoch, dan is 't al gau sa fier,  
 Min sjocht gjin bern mear oer 'e fier.  
 Hja binne ljeaf nei bêd ta gien,  
 En habbe 't fel oer d' eagen dien.  
 Hja harken nei it klokje,  
 It klokje.

O, rêst nou sêft en droam mar swiet.  
 Moarn klinkt wer jimme fleurich liet.  
 Bringt ús it sintsje in nije dei,  
 Dy nimt for bern wer wille mei.  
 „Nacht bern!” sa liedt it klokje.  
 It klokje.

## XXXVI. Ut „Reamer in Sape”

fen GYSBERT JAPIKS. (1603—1666.)

Earst skoall'master to Wytmarsum, letter to Boalsert.

Wolkomm' freugde fenne wrâd,  
 Haedljeacht oerre Stierren,  
 Grient —, kruwd in Blommefâd,  
 Mietter fen uwz jieren,  
 Hymmeleag dy 't al oersjocht,  
 Dy uwz Dauwe in Miste ontjocht,  
 Dy uwz 't fjild bemiellet,  
 Ja mei goud oerstriellet.

Kersse in Laempe fenne dey,  
 Uwlefijn', Yzteijer,  
 Moudestuwwer, droeggewey,  
 Nacht — in Froastforjeyer,  
 Ljeapper oer it wiet in 't druwgh,  
 Ruwnomrinner, nummer sluwgh,  
 Yer in let allinne,  
 Wolkomm', wolkomm' Sinne.

'k Sjoch de nacht al rju forfleyen,  
 Mey sy bruyne wjuecken,  
 Alle man dy ryst oereyn,  
 In begint t' ontluwcken,  
 d' Yene pluwgget, siedet, eyd't,  
 d' Ore schiep in ky forweid't,  
 Elck iz drock yn roeren,  
 Om syn dwaen to stjoeren.

Alle djier, forhuwgge, sit,  
 Rint, fljukt, ljeapt in donset,  
 Brinsget, derten boeyte wit,  
 Blerret, bôllet, gonzet,  
 Eyn in gies yn 't wetter sljuerckt,  
 't Wylde fuwggelt tureluerckt,  
 Libbje yn free in resten,  
 Boeyte scheel in lesten.

## XXXVII. Ut „De Fries'ne Teal”

fen JAN SALVERDA. (1783—1836),

Skoall'master to Wons.

Nee, Friesck'-teal bleeuwt d' âdst-libb'ne teal! —

Waem God in Friesck hert joe to preal,  
In âdfriesck bloed yn neijteams ijerren,  
Dat weag't in bruwz't for 't Heijtelân;  
Dij schil dit erf fen tuwz'nen jierren  
Bewerje, hoasck, az 't heijligst' pân.

Ja, Frieslâns teal iz 't djoer tresoor,  
Waems schatten, mejj ondoafb're gloar,  
Europa's wijz' ynn' eagen blierje;  
Wierijn de deugd, de kreft in moed,  
In 't rjuecht in sljuecht so hymmels glierje:  
Dij teal iz d' erfd'-seijn fen 't âd bloed.

. . . . .  
In nou, schoen' w' az in slaev'ne-buwn',  
Bedobje d' oerfloed fen eijn gruw'n?  
Nou schoen' wij liende flaerden toaije?  
Jitt' hingj' oon freamde klang, az sot?  
De muwll' neij uwtlânz grijmanck ploaije?  
In wezz' de wrâd to schimp en spot?

Nee, — 't friesck team steart her teal naet aef,—  
Him frett' de dead, wa wif en lef,  
Op Fransboers noazteal wijfs foreallet;  
Hij kert for frijheijt slaevernij,  
Wa ljeafst mejj freamde fraenjen preallet.  
De Fries eert Heijte-teal, — bleeuwt frij.



XXXVIII. **Master Jan hie wol gelyk**  
 fen H. VAN WARNERS.

---

Bist', batske Fries! sa laf fen sin,  
 Brûkst' frjemde wurden, net to min,  
 Hast' frjemde gritsen yn 'e holle,  
 Draegst' frjemde franjes, al to folle,  
 Bist' slij nei frjemde swier en swaai:  
 't Stiet mei dyn „frijheit” mear as faei.

Mar, stoere Fries! sa geef as kryt,  
 Is dit dyn sribjen, 't eabel wyt:  
 „'k Bliuw frij! nea rin ik foar de kroade,  
 As laffe slaef ten twang of moade,”  
 Dan, oan dyn lêste sike ta,  
 Scil 't Frysk yn dy in stipe ha.

Jong Fryslân! smyt ús tael net wei,  
 Mar sribje d' âlde Friezen nei.  
 Wol nea dyn memmetael forleare,  
 Hâld, rjucht en sljucht, it Frysk yn eare.  
 Lit ús nei master Gysbert sjen,  
 En dokter Eeltsje, Fryske bern!

Mij útlânsk grienmank, jonge Fries!  
 Striid for ús tael, jow gjin bilies,  
 Hâld jimmer âldfrysk bloed yn d' ieren,  
 Ja, bliuw in Fries yn hert en nieren,  
 Striid waerm en krigel, frij en roun  
 For d' eare fen ús Fryske groun.

Op! jonge Friezen! help dan mei.  
 Lit Walingom, op d' âlde dei,  
 Syn jounskoft, doch net fen ús sizze,  
 Dat wy, trochslûch, to sliepen lizze,  
 En wekker wirde — licht to let;  
 Dat woe 'k for tûzen goune net.

## XXXIX. Ut „De Terp”

fen E. HALBERTSMA.

As ik oan myn bernejieren,  
 Oan dat golle boartsjen tink,  
 Wrâld, hwet binne dan dyn skatten?  
 Hwet is 't goud mei syn geblink?  
 As de Maitiid oer it lân  
 Blomkes struit mei mylde hân,  
 O, hwett' wiern' w'as bernkes blij!  
 Alde terp, ik tink oan dij.

As de earste bonte flinters  
 Flodderen fen blom op blom,  
 En de earste ljurken songen,  
 Waerd it bernehert sa rom.  
 En de earste rin wier den  
 Fen de lytse skoallebern,  
 Hien' wy fen 'e skoalle frij,  
 Alde griene terp, nei dij.

As de lytse foarjiersblomkes  
 Wrotten troch it griene krûd,  
 Rôllen, trûzlen wy sa jolich,  
 Hoallefoallen wy sa lûd.  
 Jagen wy de lea dan oaf  
 En de skonken wirch en doaf,  
 O, hwet leine en rêstne wij,  
 Alde terp, dan swiet op dij.

. . . . .

Och, myn bernejieren fleagen  
 Lichter as it swerk foarbij,  
 Mar dyn griene leave blomkes  
 Binne alle maitiids nij,  
 En in oare, nije jeugd  
 Het op dy wer wille en freugd;  
 En liz ik it libben oaf,  
 Alde terp, wird dan myn hoaf.

# XL. Ut „Fryslân boppe”

fen WALING DYKSTRA.

Noardske Balke, No. 2.

Fen alle lannen op 'e wrâld  
Is 't Fryslân, dêr ik 't meast fên hald.  
Hwêr 't oaren ek op romme,  
Op fruchtb're fjilden romme wy,  
Op blinkend noat, op glêdde kij,  
Yn greiden, moai biblomme.

Fen alle talen op 'e wrâld,  
Scil 'k Fryslâns sprake, ryk en âld,  
Altiden meast biminne.  
Lit follen dêr op smeule en dwaen,  
Dat is dy ljuwe ta to jaen,  
Omdat se ús tael net kenne.

De seden fen in echte Fries  
Binn' 't dy ik fier boppe oaren kies;  
O, mocht ik him mar lykje!  
Ienfâldich, sonder wyn en blast,  
Rjuchtút en plat. In Frânske kwast  
Moat for in Stânfries wykje.

Ja, reisgje frij de wrâld yn 't roun,  
Hwêr wirdt in twade Fryslân foun?  
Wy doare drystwei roppe.  
Us âlde Fryslân spant de kroan,  
Gjin lân op ierde komt dêr oan,  
Wy sjonge:

„FRYSLAN BOPPE!”

# Y N H A L D.

|     |                             |     |                 |
|-----|-----------------------------|-----|-----------------|
| 1.  | Ut de „Blide Bernkes,”      | fen | E. Halbertsma.  |
| 2.  | Simmermoarn,                | „   | Waling Dykstra. |
| 3.  | Mem en de Famkes,           | „   | H. van Warners. |
| 4.  | Sinteklaes-sankje,          | „   | C. Wielsma.     |
| 5.  | Fekânsjesang,               | „   | H. van Warners. |
| 6.  | Ljepperssankje,             | „   | C. Wielsma.     |
| 7.  | In Snoek,                   | „   | E. Zwart.       |
| 8.  | Reedriderssankje,           | „   | J. Hornstra.    |
| 9.  | It Swealtsje,               | „   | C. Wielsma.     |
| 10. | Memme Rjuchterhân,          | „   | H. van Warners. |
| 11. | Us Beppe,                   | „   | C. Wielsma.     |
| 12. | Myn Wouter,                 | „   | H. van Warners. |
| 13. | Us Bijke,                   | „   | C. Wielsma.     |
| 14. | Yn 'e Snie,                 | „   | E. Zwart.       |
| 15. | Rein en syn Klompskip,      | „   | C. Wielsma.     |
| 16. | Net plús,                   | „   | H. van Warners. |
| 17. | Op it Skoalleplein,         | „   | J. Hornstra.    |
| 18. | It lege Plak,               | „   | E. Zwart.       |
| 19. | In Kinst,                   | „   | C. Wielsma.     |
| 20. | De rike Jonge,              | „   | H. van Warners. |
| 21. | De lytse Boer,              | „   | C. Wielsma.     |
| 22. | Trochstrikers en Klúnhakken | „   | H. van Warners. |
| 23. | Reedriderssankje,           | „   | C. Wielsma.     |
| 24. | Bange Hâns,                 | „   | H. van Warners. |
| 25. | De Skoallekies,             | „   | H. van Warners. |
| 26. | Soldateboartsje,            | „   | H. van Warners. |
| 27. | De lytse Jager,             | „   | H. van Warners. |
| 28. | Murk en Mop,                | „   | H. van Warners. |
| 29. | Hwa Sjak wie,               | „   | C. Wielsma.     |
| 30. | Hwet Sjak útsette,          | „   | C. Wielsma.     |
| 31. | Hwér Sjak bilânne,          | „   | C. Wielsma.     |
| 32. | Nei omke Jan,               | „   | H. van Warners. |
| 33. | Ho't ús foldien het,        | „   | H. van Warners. |
| 34. | Sims to gau great,          | „   | H. van Warners. |
| 35. | It Berneklokje,             | „   | C. Wielsma.     |
| 36. | Ut „Reamer in Sape,”        | „   | Gysbert Japiks. |
| 37. | Ut „De Fries'ne Teal,”      | „   | Jan Salverda.   |
| 38. | Master Jan hie wol gelyk,   | „   | H. van Warners. |
| 39. | Ut „De Terp,”               | „   | E. Halbertsma.  |
| 40. | Ut „Fryslân boppe,”         | „   | Waling Dykstra. |